

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Friso Douwstra (ekonomy), Fokkens-Kelder (ferkear en ferfier), Fokkinga (leefberens)
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Neffens berjochtjouwing yn it AD fan 20 juny 2022 moatte automobilisten yn de takomst betelje per kilometer, <i>'ook als die buiten Nederland gereden zijn'</i>.¹</p> <p>De plannen fan it regear binne in útwurking fan de ôfspraak yn it koällysjeakkoard fan Rutte IV² om no al wetjouwing fêst te stellen foar it rekkenriden en sille moarn yn de ministerried besprutsen wurde. It rekkenriden soe yn 2030 yngaan moatte.</p> <p>Yn it nije systeem sil gjin ûnderskied makke wurde tusken drokke en minder drokke wegen of tusken stedsk gebiet en plattelân. Neffens it AD tinkt men deroan om de ôfrekken te keppeljen oan de registraasje fan de kilometerstân by de APK keuring.</p> <p>It doel is dus ien kilometertaryf foar hiel Nederlân. De FNP fraksje is benaud dat dit foarnimmen in provinsje as Fryslân ûnevenredich hurd reitsje sil. Us ynweners binne hjir slim ôfhinklik fan de auto. Iepenbier ferfier stiet ûnder druk, linen binne útklaaid en de ôfstân tusken wurk en hûs is yn de regel yn Fryslân grutter as op oare plakken yn Nederlân.³ Der is in gebrek oan alternativen, en dan leit it foar de hân dat in unifoarme foarm fan rekkenriden neidielich foar Fryslân (en guon oare provinsjes) wêze sil.</p>
Fraach / fragen	<p>De FNP fraksje hat dêrom de folgjende fragen:</p> <ol style="list-style-type: none">1. Wurde de provinsjes meinaam yn de tarieding en de wize fan útfiering fan it rekkenriden yn 2030?2. Is it kolleezje it mei ús iens dat der in ferskil wêze yn it taryf foar rekkenriden tusken ferskillende gebieten? Benammen as wy sjogge nei berikberens, de beskikbere ferfiersalternativen en de ferfiersôfstânnen. Graach útlis by it antwurd.3. Wat fynt it kolleezje fan it foarnimmen om ien taryf te hantearjen en dêrby gjin ûnderskied tusken drokke mominten, drokke diken en minder drokke mominten en minder drokke diken te meitsjen?4. Is it kolleezje yn oerlis mei oare rurale gebieten of ree yn oerlis te gean mei oare rurale gebieden yn Nederlân om derfoar te soargjen dat rekken hâlden wurde sil mei regio-spesifike omstannichheden? <p>Oer de provinsje sels</p> <p>It docht bliken dat de provinsje allinnich kilometerfergoeding útkeart oan persoanen dy't mei it iepenbier ferfier of mei in elektryske auto nei it wurk komme. In nobel stribjen, mar it is net altyd like helder foar de FNP fraksje.</p>

¹ Algemeen Dagblad, 'Automobilisten moeten gaan betalen per kilometer, ook als die buiten Nederland gereden zijn', 30 juny 2022;

² Coalitieakkoard 'Omzien naar elkaar, vooruitkijken naar de toekomst'; 15 desimber 2015:

'Basis voor het systeem is de motorrijtuigenbelasting, waarvan het tarief afhankelijk wordt gemaakt van het jaarlijks verreden aantal kilometers. De heffing is niet tijd- en plaatsgebonden en vervangt de dan nog bestaande tol-tracés, zoals de Westerscheldetunnel, de Kiltunnel en de voorgenomen doorgetrokken A15. Dit betekent dat gebruikers van elektrische en fossiele auto's beiden gaan meebetalen aan het weggebruik.'


³ <https://www.cbs.nl/nl-nl/nieuws/2022/26/toename-autokilometers-in-2021-maar-nog-niet-op-oude-niveau>

	<p>5. Sjocht it kolleezje mooglikheden om wurknimmers dy't sokke alternative mooglikheden lykas bus of in elektryske auto net hawwe wol in kilometerfergoeding oan te bieden?</p> <p>6. Mei de oprinnende prizen fan benzine kinne wy ús foarstelle dat wurknimmers dy't mear yn lânlik gebied wenje hjir hieltyd mear lêst fan hawwe. Liedt dizze konstataarring ta nije oerwagings oer it oanpassen fan it steande belied? Is dat in mooglikheid? Graach antwurd wêrom wol of wêrom net.</p>
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Sijbe Knol

Datum	30 juny 2022
-------	--------------

Gemiddeld gereden aantal kilometers personenauto's particulieren, 2021



Bron: CBS, RDW